


Dea fan in Eastfrysk

De ûndergong fan it Wangereagersk



It westlike doarp op Wangereach yn 1823 neffens in stienprint fan J.H. Stalling

troch Arjen Versloot

Yn de midsieuwen waard it Frysk net allinnich yn ús Fryslân praat, mar yn in stripe by de Noardseekust lâns, fan de Ie (het IJ) yn Holân oant de mûning fan de Elve (Elbe) ta en fierders yn Noardfryslân. Mar is it Frysk by ús noch sa libben as in hert, yn oare parten hat it belies jaan moatten. Om 1800 hinne waarden, bûten ús Fryslân en Noardfryslân om, noch Fryske tongslaggen praat yn it Sealterlân (Sealterlound) en op it eilân Wangereach (Wangeróog), wylst yn it Lân Wursten noch de lêste âlde sprekkers libben of miskien krekt ferstoarn wienen. Yn it Sealterlân libbet it Seeltersk noch, mar om Wangereagersk sil men tsjinwurdich ek omdoch sykje.

Nei't it Frysk fan de fêstewâl fan East-Fryslân ferdwûn wie - en dat sil sa likernôch 1750 west hawwe - wie Wangereach in iensum taaleilantsje yn in Leechdútske oseään. Op Wangereach hie de taal yn 1738 lykwols noch in sterk plak by de 171 ynwenners, dy't yn 29 huzen wennen. 5 jier tefoaren hie in ploech Helgolanners him op Wangereach nei wenjen set, nei't dêr de 'Düne' troch de see fan de rest fan Helgolân skaat wie. Dat betsjut dat mank de 171 ynwenners út 1738 in oantal net oarspronklike eilanners te finen wie. It Wangereagersk lit oars gjin spoaren sjen fan ynfloed troch it Helgolânsk. Ek hat de komst fan de Helgolanners net laat ta it oergean op it Leechdútsk, de ferkearstaal fan Noard-Dútslân. Binne de Helgolanners faaks fanwegen it feit dat se dêr ek Frysk praten nei Wangereach tein?

Alhoewol't se yn de romantyk graach skriuwe mochten oer de grutske Friezen dy't steech oan har taal fêsthouden, wiist de praktyk oars. It Fryske taalgebiet is sûnt

de midsieuwen hast allinnich mar lytser wurden. Boppedat wie it Frysk, sawol yn Nederlân as yn Dutslân, yn de foarige ieu taalsosjologysk amper wat bysûnders. Op it plattelân prate ommers hast gjinien de rykstaal. It meast bysûndere is eins dat it Frysk te uzes net meigien is yn de taalwiksel fan folkstaal nei Nederlânsk yn dizze ieu.

De Dútser Ehrentraut besocht yn de tritiger jierren fan de 19de ieu it eilân Wangereach en makke wiidweidich stúdzje fan de taal fan it eilân. Hy hie net folle betrouwen yn in takomst foar de taal: "... meikoarten sil ek syn taal ferdwine, en it plak fan it eilân dêr't it doarp stiet yn 'e weagen ferdwûn wêze." Ek de kwaliteit fan de taal fan de jongerein hied er op in pypfol. "Mei elke âlde bewenner fan it eilân stjerre in protte útdrukkings dy't de jongerein net mear ken, sadat de beppe-sizzers tsjin beppe sizze: 'oomel, wut snákkest duu saa sweer âardiig' (Beppe, wat praatsto dochs frjemd)." De útspraak feroare hjir en dêr, mei as opfallendste ferskynsel it ferdwinen fan de th-klank. As men de pear bânopnammen fan it Wangereagersk heart út it begjin fan dizze ieu en men ferliket dy mei Ehrentraut syn beskriuwing, dan bin ik sels fan betinken dat de útspraak hiel sterk feroare is. Ferliket men lykwols de taalpriuwkes fan Ehrentraut fan om 1840 hinne mei dy fan de ein fan de 19de ieu, dan binne wurdskat en grammatika net bot feroare. Al yn Ehrentraut syn tiid wie der bygelyks grutte ûnwissichheid oer it slachte en de meartalsútgong fan haadwurden.

Ehrentraut skriuwt dat de eilanners fanwegen har taal pleage waarden en him dêrom net brûkten dêr't frjemden by wienen. De lju op 'e fêstewâl seagen der op del of wisten net iens dat dy taal bestie. Net-eilanners beskôgen de Wangereagers as heidensk folk en har taal like bedoarn. Ehrentraut skriuwt oan famylje en kunde dat er fanwegen syn súnens op it eilân wie (Wangereach wie yn dy tiid al in 'Kurort'), want de taal ynteressearre gjinien. De eilanners en de frjemden dy't har dêr fanwegen bestjoer of baaigasten nei wenjen set hienen, wisten net iens dat it Frysk wie. De eilanners neamden har taal 'Wangeroogsk'. It is oars typysk foar eilânbewenners om harsels te sjen yn tsjinstelling ta alles wat dêrbûten bestiet. Ek op de Noardfryske eilannen, op Skier en Skylge fynt men in soartgelikense hâlding:

foar alle eilanners is Frysk de taal fan de fêstewâl. Yn de taal fan Sealterlân, eartiids in 'eilân yn it fean', wurdt mei 'Fräisch' sels it Leechdútsk fan East-Fryslân bedoeld.

De eilanners sels wienen ek net sa optein oer de belangstelling foar harren taal, al hat Ehrentraut sjoen syn oantekenings wol alle meiwurking krigen. Oer de hâlding fan de eilanners foar syn wurk oer fertelt er dizze anekdoate. "De eilanners fernuveren har net in bytsje oer it opskriuwen fan har taal. Sy tochten earst dat har taal net skreaun wurde koe en dat dat ek net folle doel hie, want gjinien koe him dochs begripe: 'jürsen t' aiven daa kweiden yaa too ôoren: yaa schriivet de Wangerooger toel up, deer kumt doch siinleidiig nicks fon herdúut, dait kant yaa doch nich farstaún, af yaa múttert álltiid 'n Wangerooger bii yam hab, deer yam dait fardiúutsket. dait kan jaa doch éewiig nich líziin weer.'" (Justerjûn doe seinen se tsjin inoar: sy skriuwe de Wangereager taal op, dêr komt dochs nea wat fan op 'e hispel, dat kinne se dochs net begripe, of se moatte altyd in Wangereager by har hawwe, dy't har dat ferdútst. Dat kin ommers dochs ivich net lêzen wurde.)

It binne wat losse opmerkings, mar men kin der út opmeitsje dat de eilanners har taal as in eksklusyf eilanner oangelegenheid beskôgen. Nei bûten ta wienen se, mei troch de ôfwizende hâlding fan net-eilanners, wakker skruten yn it brûken fan de taal. It lei dus yn 'e reden dat de taal, as de lytse maatskippij dêr't er in rol spile, iepenbrutsen wurde soe, hurd syn plak en bestearsrjocht ferlieze soe. Wylst soartgelikense ûntjouwings har op in hiele soad plakken yn Europa oppenearre hawwe, barde dat op Wangereach wol op in hiel dramatyske wize.

It doarp dat yn de 16de ieu al ris ferpleatst wie, kaam troch de wurking fan de see dêr wat langer wat tichter by te lizzen. Yn de 19de ieu waard it doarp pleage troch swiere stoarmen dy't makken dat hyltiten wer huzen yn it wetter ferdwûnen. De slimste stoarm wie mei de Krystdagen fan 1855. It hóf en in grut tal huzen ferdwûnen yn see. De tsjerketoer (in tsjerke hie der nea west, de tsjerketsjinst wie yn in rûmte yn de toer) bleau dan wol stean, mar stie no ynienen op it strân. De oerheid seach it net langer sitten en hâld it eilân bewenber. Dat dy boude in doarp by Varel op de fêstewâl by Wil-

helmshaven, mei de namme 'Kolonie Wangeroge' letter 'Neu-Wangeroge' en 171 fan de 342 ynweners ferfarden dêrhinne. 62 gongen nei Hooksiel en in pear oare plakken. In lyts part woe it eilân lykwols net ferlitte en boude in nij doarp op de eastkant fan it eilân. Yn 1865 wennen dêr noch 82 minsken. Letter besleat it regear fan Oldenboarch om it eilân dochs yn stân te hâlden en kamen nije bewenners en arbeiders nei it eilân. Troch al dy ferhuzerij wienen de Wangereagers ferspraat rekke en op har eigen eilân al hurd yn de minderheid rekke. Om't se sa skruten wienen mei har eigen taal, waard dy amper mear praat. Fan de weromstuit binne de Wangereagers oergien op it Leech- en Heechdútsk en dêrmei wie de eigen taal ta de ûndergong keard. Op Wangereach binne de lêsten dy't de taal noch prate koenen yn de tritiger jierren fan dizze ieu ferstoarn, allegear lju dy't noch foar of faaks krekt nei 1855 berne wienen. De twa lêste sprekkers ferstoaren yn 1950 en kamen út Neu-Wangeroge. Sy wienen dêr berne yn 1862 en wienen de lêsten dy't as bern de taal noch meikrigen hienen.

Taaldood in Oost-Friesland

De Friese taal van het Oostfriesse waddeneiland Wangerooge werd gekenmerkt door een sterke verwantschap met de taal van de Oudfriesse handschriften die uit die landstreek Rüstringen zijn overgeleverd. Zowel de klanken - bijvoorbeeld het behoud van de th-klanken - als de woordenschat en werkwoordsvervoeging, deden zeer oorspronkelijk aan, terwijl de verbuigingen van zelfstandige en bijvoegelijke naamwoorden sterk vereenvoudigd was. De taal, die slechts de moedertaal was van de goed 300 inwoners van het ene dorp op het eiland, was ten dode opgeschreven toen na de stormvloed van 1855 het dorp grotendeels verwoest was en de meeste inwoners verhuisden naar de vaste wal.

Sa as mei it Wangereagersk moat it mei ús Frysk net ôfrinne ... Sjoch de advertinsje op de achterkant fan MEAR.